

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state



© Foto Atse Bruin

Walma state, Easthimmerwei 27

Nammeboardsje makke troch Feike van der Velde

Walma state bestiet al salang, dat nimmen mear wit hoelang. De state stiet der al foardat de âlde Middelseedyk oanlein wurdt. De namme seit it al “Walma state”, in state boud op de wâl (kant) fan de (Middel)see.

De pleats leit yn it deltagebiet fan de Ald Rien, lyk as it neiste buorskip Suderburen. De noardlike ôfsplicing fan de Ald Rien nei de Middelsee wurdt letter kanalisearre. Dit is de Folsgeasteropfeart. In wetterke dat hjirop út komt, is de âlde opfeart nei de pleats. By it oanlizzen fan de âlde Middelseedyk wurdt gebrûk makke fan de terpen dy’t der al binne. Walma State is ien fan de pleatsen op dizze dyk.

Walma state is fan âlds in aadlike state. De state hat fiskrjochten en rjocht op swannejacht. Op âlde kaarten stiet neist de pleats noch in wier. Yn 1511 wurdt der noch in stinsgrêft neamd.

Ut it Register fan oanbring fan 1511 docht bliken dat Epa Ighaz “eijgen geërffd” eigner is en Albert Hoytes pachtboer op de grutste pleats ûnder Folsgara. De buorkerij omfiemet LXXX (80) pûn lân, wêrfan “36 ponden Hooijland, 31 ponden Grasland en 7 ponden Reijldland”. It lân súdlik fan de pleats wurdt it “lege meden” neamd, dêr’t it rijeedmeer (reidmar) leit. It rijeedland (reidlân) leit tsjin de “die grote Rien”. Fierders is der noch “6 ponden saedlant leggende, om ende om op ende an Epas vors. stins graft”.

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

Dizze stinsgrêft omklammet de stinswier en leit tsjin it “saedland” oan.

In oare namme dy’t brûkt wurdt foar stinswier is ‘wijer’. Dizze namme komme wy tsjin yn it Register fan oanbring by de buorman fan Epa Ighaz op Suderburen. Lolla Taekaz is hjir pachtboer en “dije halve huijssteed mijt die halve wijer hoert Epa voer XIV st “. Dat Epa Ighaz is eigner fan de stins op Walma state en besit de helte fan de wijer (wier) op Suderburen.



De stinswier stiet noch op dizze kaart út 1718. Yn in notarisakte út 1871 wurdt it lân (stinswier) eastlik fan de pleats de “Pake pôle” neamd.

kaartsje Schotanus

Walma state leit net oan in trochgeande rûte. De âlde Middelseedyk is ein 12e iuw foar it grutste part fuortslin troch in stoarmfloed, nei alle gedachten yn 1170. It rinpaad fan Folsgeare nei Easthim is de iennige lânferbining. It paad is ûngeskikt foar it ferfier fan guod. It is te smel en foar in grut part fan it jier ûnbegeanber. Ferfier oer wetter is de wichtichste ferbining oant yn 1914 de Easthimmerwei oanlein wurdt. Neidat de beweechbere brêge yn Easthim yn 1953 ferfongen wurdt troch in fêste brêge, is it foargoed oer mei it ferfier fan guod oer it wetter.

Walma state, mei in brechje oer de grêft nei it rinpaad dat fan Folsgeare fia de Pytsje Pôle nei Easthim rint.


foto argyf Feike Boschma



Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

Ferfier oer it wetter is iuwenlang de haadferbining, dat in goede opfeart is fan grut belang.




De mole stiet súdlik fan de pleats by it “lege Meden” en wetteret út op de opfeart.

Kadaster kaart 1832

Yn 1846 wurdt besletten in nije mole bouwe te litten oan de Folsgeasteropfeart. De achtkantige mole wurdt boud troch timmerman en molemakker Louis Hessels Boersma foar fl. 777,- De opfeart wurdt ferlein en komt by it hôf út.

Kadaster kaart 1850




Walma state hat in lang skoft yn besit west fan de rike boppeklasse lyk as grutgrûnbesitters en boargemasters. Sa wie de hear Oosterzee út Eastersee yn 1640 eigner en Pytter Douwes brûker. Boargemaster Pyter Claeses Hollander, Old Burger Hopman Jan Hoekstra en de Skeepen Johannes Feikes binne eigners of mei-aigners yn de 18e iuw.

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

Pieter Gorrits van der Goot is op 4 juny 1787 trouw mei Trijntje Scheltes Buma. Hja wenje yn'e Gaastmar. Hjir wurde Schelte Pieters, Hendrik Pieters, *Gorrit Pieters* en Gettje Pieters berne. Neffens it floreen cohier fan 1818 is Pieter Gorrits van der Goot eigner en brûker fan Walma state.



Floreen cohier
Folsgeare 1818

Op de buorkerij rêst in iuwige rinte dy't, sa't yn de LC fan 27-09-1822 stiet, ferkocht wurdt: *Ek zal als dan finaal worden verkocht Eene EEUWIGE RENTE groot acht Guldens en veertig cents leggende op de Zathe en Landen van Pytter Górryts van der Goot, onder den dorpe Folsgeare waarop geboden is fl 140.*

Op 3 maaie 1823 trout soan *Gorrit Pieters van der Goot* mei Riemke Murks Abma. Nei harren trouwen wurde hja boer en boerinne ûnder de Gaastmar. Op 20 augustus wurdt yn 1824 Pieter Gorrits berne. Nei bliidskip komt drôfenis as Riemke Murks trije dagen letter op 23 augustus 1823 ferstjert. Gorrit Pieters bliuwt, mei help, lang allinne mei syn soan. Hy trout pas wer op 25 april 1829 mei Hiltje Sjrks Haagsma út de Hommerts.

Op 27 novimber 1829 ferstjert Trijntje Scheltes Buma op Walma state. Pieter Gorrits van der Goot bliuwt allinne efter. Yn 1830 bart der in drama, as Walma state troch heabroei foar in grut part troch brân ferneatige wurdt. It fee en in grut part fan'e ynventaris kin rêden wurde, om't Pieter Gorrits op'e tiid yn'e rekken kriget dat der wat goed mis is. Nei de brân wurdt op 31 augustus boelguod holden.

BOELGOED EN PUBLIEKE VERHURING

De Notaris E. T. KUIPER te Bolsward zal ten overstaan van Mr L.J.Huber Notaris te Sneek , op Zaterdag den 4 September 1830 des voormiddags ten 9 ure ten huize van Pieter Gorrits van der Goot te Folsgeare publiek , bij boelgoed en gereeden gelde presenteren te verkoopen: Een groot en uitmuntend BESLAG VEE bestaande uit 40 stuks melke en kalve koeijen, 2 vette dito, 7 kalveren, 30 schapen en lammeren, 4 paarden waaronder 1 beste schimmel bles Merrie, 1 zwarte Ruin en

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

2 enter Merrie, voorts ongeveer 20 koeseten Hooi, 8 koperen Emmers, 1 dito Handketel en waarschijnlijk ook een Phaëton, 1 Chais, 1 Spekwagentje, beslagen en 1 onbeslagen Hooiwagen, 1 Aardkar en hetgeen meer zal worden te voorschijn gebragt ;

Wijders gedurende den tijd van Optie, van den 5 September 1830 tot den 12 November daaraanvolgende publiek bij strijkgeld verhuren ruim 36 bunders buitengemeen vruchtbaar GREIDLAND onder den dorpe Folsgare liggende bij voornoemden Pieter Gorrits van der Goot als eigenaar gebruikt , en behoorende onder de door hem bewoonde Zathe , en zulks in elf perceelen , met regt van zamenvoeging

Pieter Gorrits van der Goot is no 70 jier. Hy wol it bedriuw oer dwaan oan syn soan Gorrit Pieters van der Goot en dat hy dan wer famylje om him hinne hat. Gorrit Pieters is noch altiten boer yn de Gaastmar en op'e nij trouw. Hy makket plannen foar syn takomst en it wer opbouwen fan Walma state. Hy pleatst in advertinsje foar de oanbesteging fan in nije pleats.

LC 17-12-1830

Het OPBOUWEN eener HUIZINGE en SCHUUR in de plaats van de onlangs afgebrande op de Zathe van Pieter Corrits van der Goot te Folsgare ; en zulks mee de leverantie van alle daartoe benoodigde Materialen en prestatie van Arbeidsloonen ; waarvan het Bestek , de Teekening en Conditien ter lezing en inzage liggen ten huize van ANNE MEINERS voornoemd zullende drie dagen vóór den dag der aanbesteding aanwijzingen van Afbraak en ijzerwerk hetwelk verbruikt kan worden gedaan worden door Hendrik Pieters van der Goot , te Abbega bij wien gegadigden zich daartoe hebben te vervoegen

Molle Gerrits Schotanus, timmerman yn Wâldsein is mei fl. 3893, - de leechste ynskriuwer. De ynskriuwing wurdt noch ferlege:

troch Klaas Kornelis de Vries, timmerman yn Burgum mei	fl 25,-
troch Sjoerd Idzerda, timmerman yn Nieuwland mei	fl 18,-
troch Johannes Paulus Spiering, timmerman yn Folsgeare mei	fl 50,-
troch Harmen Hendriks van der Plaats, yn Easterlittens mei	fl 100,-
Totale ferleging fl 193, -	

It oannimbedrach wurdt fl 3700,- foar timmerman Harmen Hendriks van der Plaats út Easterlittens, de pleats moat op 14 oktober 1831 oplevere wurde.

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

Pieter Gorrits lit njonken de pleats in rinteniërswenning bouwe, it Slotsje, krekt súdlik fan it hôf. Hjir wol hy sels wenje. Hy lit ek in dûbele arbeiderswente bouwe, dy't in ein yffan de rinteniërswenning ôf komt te stean.



Op it plak fan it dûbele arbeidershûs stiet letter it hûske de "Swartseltonne".

kaartsje Eekhoff

Gorrit Pieters en Hiltje Sjrks komme mei harren soan Pieter Gorrits op de buorkerij. Tusken 1832 en 1844 wurde der noch acht bern berne. Pake genietet folop fan de bernsbern. Hiltje Sjrks ferstjert op 11 juny 1845. Foar de efterbliuwers folget in drege tiid. Hja moatte it dwaan sûnder frou en mem. Gorrit Pieters trout op'e nij yn april 1849 mei widdofrou Elisabeth van Berkum. Hja is de dochter fan Theunis van Berkum, dy't sûnt 1835 dûmny is yn de Herfoarme gemeente Easthim, Abbegea en Folsgeare. De húshâlding stiet wer ûnder lieding fan in frou. Yn augustus 1849 wurdt Hendrikus van der Goot berne. In jier letter wurde hja wer mei de dea konfrontearre as pake Pieter Gorrits op 2 maart 1850 ferstjert op de hege leeftyd fan goed 90 jier.

It Slotsje komt yn de ferhier: LC 15 -03-1850

Een HUIS of SLOTJE geschikt voor een rentenier of Bakkerij; terstond of den 12 Mei e.k. te aanvaarden. Te bevragen bij GORRIT PIÉTERS van der Goot, wonende te Folsgeare

Keapman Bleeker is oant 1851 de nije bewenner fan it Slotsje. Dêrnei wennet Auke Stellingwerf yn de wenning oant 1853. Keapman Bergstra is dan de neikommende bewenner. Dan wurdt it hûs ferhierd as famyljewenning foar de bern út it earste houlik fan Elisabeth van Berkum.

Yn de dûbele arbeiderswenning wenje ûnder mear famylje Pieters, Krolis, Kuipers, Wiersma en Kuipers.

Op 26-10-1860 staat de volgende advertentie in de LC: ***Bij gesloten briefjes te huur voor de tijd van 5 jaren Eene Zathe en landen no 1 te Folsgeare groot 36***

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

bunders alle greidlanden in gebruik van der eigenaar Gorrit Pitors van der Goot.

Gorrit Pieters hat nije plannen en wol de buorkerij ferhiere. Yn april 1861 wurdt der boelguod holden en wurdt it Slotsje ferkocht oan Meine Tjittes Wiersma.

Jan Hendriks Boschma en Geertje Geerts Boomsma komme as boer en boerinne op Walma state. Gorrit Pieters en Elisabeth geane mei de bern nei Donkerbroek, dêr't hja fierder buorkje.

Yn 1873 komt de buorkerij wer yn de ferhier. Durk Wijma en Akke van der Goot komme op Walma state. Akke is dochter fan Hessel Pieters van der Goot, in broer fan Gorrit Pieter. Hja wenje op de buorkerij oant 1877.

Gorrit Pieters en Elisabeth komme dan werom yn Folsgeare. Yn itselde jier wurdt der in grutte ferbouwing dien oan de skuorre fan Walma state, dy't dan de hjoeddeistige foarm kriget.



It jiertal 1877 komt mei grutte sifers yn it dak fan de skuorre te stean.

foto Atse Bruin


foto Atse Bruin



Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

Nei alle gedachten wurdt no ek de dûbele arbeiderswenning njonken it Slotsje boud. De oare dûbele wenning wurdt ferfongen troch in frijsteand hûske. (letter de "Swartseltonne" neamd).



kaartsje kadaster 1887

Yn ien fan de beide arbeiderswenningen is Wybren Sweering (sjoch finster Tsjaerddyk 32) berne. Derneist wennet Manus Hogenboom.

Yn 1884 geane Gorrit en Elisabeth wer fan de buorkerij. Klaas Sybren Rollema en Baukje van der Goot komme dêr te wenjen. Baukje is de jongste dochter fan Gorrit Pieters en Hiltje Sjrks. Hja is berne yn 1843. Hja trout yn 1864 mei Klaas Rollema út Abbegea. Hy is de soan fan Sybren Durks Rollema en Willemke Klazes Bosma. Yn 1892 ferstjert Gorrit Pieters van der Goot op de tige hege leeftyd fan 96 jier. Syn frou Elisabeth ferstjert yn 1902 op 93-jierrige leeftyd.

Yn 1906 lit Klaas Rollema in ûntwerp meitsje foar it ferbouwen fan it "Voorend" fan de pleats. Spesifyk wurdt neamd dat de keuken grutter wurdt.




foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

Op de tinkstien nêst de foardoar steane it jiertal 1906 en de nammen K.S. Rollema en B.G. v.d. Goot.

foto Atse Bruin





foto Atse Bruin

De kajút en de ruten binne fernijd.

Yn 1910 keapet Klaas Rollema in wenhûs mei tabehearren yn Folsgeare, bekend gemeente Nieuwland seksje C nûmer 985, fan Mollerus Couperus, kafeehâlder yn Rotsterhaule.

Dit wenhûs is it Slotsje by Walma state, Klaas Sybren Rollema lit it slope.



Netteplan 1887

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

Yn 1912 ferhúzje Klaas Rollema en Baukje van der Goot nei Snits. Klaas Boschma en Tjitske Rijpkema komme op Walma state.

Klaas Boschma is in pakesizzer fan Klaas Rollema en Baukje van der Goot. Harren dochter Willemke is troud mei Feike Boschma. Klaas Feikes Boschma, de soan fan Willemke Rollema en Feike Boschma, trout yn 1912 mei Tjitske Rijpkema. It troupresint fan pake Klaas en beppe Baukje is in plakje op Walma state.

De Boschma's wenje fan 1912 ôf op Walma state. Klaas en Tjitske wenje hjir net lang, want yn 1918 trout Klaas syn broer Gorrit Feikes Boschma mei Geertje Schaap. Hja krije nei harren trouwen yn 1918 itselde troupresint fan pake Klaas en beppe Baukje, in plak om te buorkjen op Walma state.



foto argyf Feike Boschma

Jelle Rollema, Feike Hessels Boschma en Feike en Willemke harren soan Gorrit Feikes Boschma op in bankje foar Walma state.

foto argyf Feike Boschma



Hessel Feikes Boschma, ek in soan fan Feike en Willemke, en syn frou Marijke de Boer wenje fan maaie 1931 oant augustus 1958 op de buorkerij.

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

Feike Boschma en Leentje Abma
buorkje fan maaie 1958 oant
2005 op Walma state en ferhúzje
dan nei Boalsert.

foto's Atse Bruin



Hessel Feikes Boschma komt nei syn âlden Feike Boschma en Leentje Abma op de
buorkerij. Hy lit yn 2012 de pleats troch boubedriuw Feenstra út Abbegea
ferbouwe.



foto's Atse Bruin



Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

Sloop fan de skuorre

foto's Atse Bruin



By de sloop komt op de heasouder it ûnderkommen fan de boerefeint foar it ljocht.



Letter wurdt dit hokje brûkt as boartershok foar de bern op de pleats.

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

De ôfbrutsen pleats

foto's Atse Bruin



De nije pleats

Feike van de Velde makket in nij nammeboardsje mei H. Boschma en it adres Easthimmerwei 27.



Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: argyf Feike Boschma, Atse Bruin

Kaartsjes: Kadaster, Schotanus, Netteplan, Floreen cohier, Eekhoff

Dorpscanon van Folsgeare

Walma state

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.